

Levertraan

kearsang: as walfisken skrieme, dan kolket it wetter
as walfisken stjerre, dan kleuret de see
mar wy woll' net wachtsje op wiisheid fan letter
wy ha foar de lêste, foar de alderlêste,
walfisk, ús bêste harpoenen al ree

Dm C F Am
Dm Gm Dm A7
Dm C Gm Dm
Gm Dm Gm Dm
Gm F C7 F

linige lichems, sa sterk as in stoomboat
brûze troch baren, sa boartlik en blier
in machtige sturt swypket efkes oer't wetter
harren ryk is de see, en de see rikt sa fier

Bb C
Bb C
Gm C7
Gm C7

kearsang:

krêftige reuzen, se meitsje wol yndruk
't lykje de hearskers fan it weagjende wiid
mar minsken dy wol ek de walfisk oerwinne
en fiere fûleindich har moardzjende striid

kearsang:

ûnbidige skippen mei skerpe harpoenen
sjitte de walfisken dea by de rûs
en fan dy wûnderlik prachtige bisten
nimme se inkeld it fet mei nei hûs

kearsang:

is 't walfiskewyfke ree foar de leafde
ropt hja it mantsje mei lokjende sang
mar motors fan skippen fersteure dat lokjen
en der komme net mear lytse walfiskjes fan

kearsang:

as it sa trochgiet sil 't net lang mear duorje
dan giet anst de lêste walfisk der oan
en wy kin net sizze: wy hawwe 't net witten
foar de safolste kear hawwe wy it bedoarn

kearsang: